5-5-'81

# 'T SKIEPPE-STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Wyke Blanksma-v.d. Witte, tel. 9487
Sytske Dykstra-Bouwhuis, ,, 2968
Rients van Buren, ,, 9280
Marten Kikstra, ,, 9269
Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dykstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Ljouwert

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.
Rabobank Bolsward, rek.nr. 3087.56.800 t.g.v.
It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.-.

FOARWURD:

Septimber en oktober binne in bytsje stille moannen, dêr bart sa op it each net safolle yn.

De fakânsjes binne wer oer en dyjinge, dy 't wurk hawwe, binne wer drok oan 'e gong.

Us ferienings binne wer mei faasje útein set en ús korps hat al wer nei it festival west yn Makkum en hawwe de lju dèr gâns wat yn 'e earen tettere.

Bouwe Feenstra giet foar trije moannen nei Canada en sil dêrre de lju buorkjen leare.

De fam. Bolta fan Bolta State, binne tongersdei 22 oktober 25 jier troud west en dat is heuglik nijs.

Minder bliid binne wy mei it berjocht, dat ús redaksjelid Wyke Blanksma yn it sikehûs opnommen is mei in dikke foet; wy hoopje dat hja gau wer better wurde mei.

Noch twa moannen en dan is it wer safier ...... wa wurdt de Skieppesturt fan 't jier?

Set noch efkes troch, want jimme wurde goed yn 'e gaten hâlden troch de redaksjeleden.

Fierders hoopje ik, dat wy wat in lekker winterke krije meie, wat sterk iis foar de leafhawwers en net tefolle gledde diken.

Graach wer kopy foar 15 desimber.

M.K,

-:-:-:-

Berichten van de Dorpsomroeper .........

- Terwijl ik deze berichten schrijf, kraakt het nieuwe Regerings Kabinet na een bestaan van ruim een maand al in al zijn voegen, alhoewel dit in de voorafgaande jaren ook al eens gebeurde. De ouderen onder ons zullen het jaar 1935 nog niet vergeten zijn, toen wijlen Dr. H. Colijn op de 25ste juli het vijfde en tevens zijn laatste kabinet aan de Tweede Kamer voorstelde en al na drie dagen kon opstappen. Nu weet ik niet dat die Dr. H. Colijn ook in het Guiness World of Recordbook is opgenomen, maar het zij zoo.
- Vervolgens nu de Zomer weer afscheid van ons heeft genomen en wij ons voorlopig weer in de maanden met de beruchte R er in bevinden, treden er na mijn inziens altijd nog al wat veranderingen op.
Als dorpsgenoten onder elkaar heb je toch niet meer die contacten die men in de Zomerdagen heeft.
In vele huiskamers zal dan ook weer voor het naar bed gaan de Draaisma van Valkenburg weer de ronde doen, hierdoor zullen de kleine flesjes met een inhoud van 30 c.l. van een bekende brouwerij het veld moeten ruimen. Velen zullen zich dan ook 's avonds weer voor het Hilversumse tabernakel scharen en het prenteboek voorbij zien schuiven.
Inderdaad is de T.V. in menig gezin een soort altaar geworden, waarbij men avond aan avond neerknielt.
Kortom, dat het steeds ons gezinsleven verrijkt, betwijfel ik wel eens.

Alhoewel, de lange avonden kunnen ook zinvol gevuld worden, daar kan T.V. aan bijdragen, maar dient niet te overheersen.

- In de Voorwinter zijn er ook meestal de vergaderingen van de plaatselijke Ver. en de besturen hiervan wil ik dan ook Salomo's wijsheid en Job's geduld toewensen om ten slotte zij doen het belangeloos, en de lieden die menen het recht te hebben om de werkers voorschriften te moeten maken, is het mijn inziens het enige recht van deze mensen om weg te blijven.

- Op de Vergadering a.s. van Dorpsbelang hoop ik de prijzen van de Tuinwedstrijd van de afgelopen zomer uit te reiken.

- Van een Vergrauwing oftewel Vergrijzing in de Wintermaanden in onze Dorpsgemeenschap hoeft geen sprake te zijn, er is genoeg te doen, alhoewel de bijbel ons leert, dat het voor mensen en volken heilzaam kan zijn een tijdlang in de woestijn te vertoeven om teneinde zichzelf, hun weg en hun opdracht te vinden.

- <u>SKIEPPESTURT</u> - 1981

  Er resten ons nog een paar maanden en dan weten wij het - een vrouw of een man - ik ben benieuwd.
  Een zekere Johanna van hier met alle goede bedoelingen voor haar is haar vurige wens op 1 jan. a.s. eindelijk haar rozen eens kwijt te kunnen aan een vrouw als de Skieppesturt.
  Maar ...... daar ben ik nog niet zeker van of het zou een stille werker moeten zijn en dat is natuurlijk ook nog altijd mogelijk. En goede werken dienen nu eenmaal beloond te worden en daarom zal ik zelf dan het dozijn rozen volmaken.
  En het is altijd ook nog zoo, dat een heuvel nu eenmaal niet over een berg heen kan kijken.
  Hoeveel mensen brengen niet de helft van hun tijd door met dingen te verlangen, die ze zouden bekomen als ze niet de helft van hun tijd verdeden met ernaar te verlangen, schreef eens een eeuw geleden al de Britse filosoof Alexander Woolcott.

- De mensen die met het stijgen van de jaren de windstilte van de levensavond bereikt hebben, moeten de komende tijd goed onze aandacht hebben.
  Daarom vooral aan deze lieden mijn hartelijke Groeten en het ga u goed, evenals de andere lezers!

De Dorpsomroeper.

PEUTERZAAL

## "Nijs út it boarterssealtsje"

We binne no dan $1\frac{1}{2}$ moanne oan 'e gong en it giet tige bêst.
Yn it begjin wiene der in pear "klantsjes" dy 't it nut derfan no net sa seagen, mar neidat se in pear kear west wiene, tige tefreden binne.
Der binne sels guon dy 't moarns efkes by it Waltahûs sjogge oft it ek iepen is.
De beide juffers hawwe noch o sa 'n nocht en wille.

Wy hawwe it ek al earder skreaun, mar minsken dy 't graach ris sjen wolle hoe as it no giet yn sa'n boarterssseal, binne altyd wolkom op tiisdei-, en tongersdeitemoarn.

Groetnis fan it bestjoer
en liedsters.

/%/%/%/

## Een zeer geslaagde bootreis.

Het IJsclub-bestuur + zijn keurmeesters en diegenen, die 's winters naar de training rijden, zijn metelkaar een dag uit varen geweest.
De heer Eekhof en zijn zoon Tinus lagen met hun boot "Eendracht" op zaterdag 12 september al om ± 7 uur op ons te wachten. Er waren enkele bij, die zo vroeg hun nest niet uit konden komen, dat om ± 8.30 uur voeren we de Bolswarder Trekvaart af, op weg naar Workum.

Enkelen van ons deden al verwoede pogingen om aan dek te zitten, maar dat was eerst wel erg koud. Gelukkig was er proviand mee aan boord genomen,

dat om ± 9.30 uur zaten we al aan de koffie + gebak.

Onze voorzitter B. Volbeda had een mooi plan bedacht: we gingen nu niet bij Workum, maar door Workum het IJsselmeer op. Zo was het voor ieder van ons een hele belevenis om in een sluis geschut te worden; en wat was die brug vuil! (van onderen dan); diegene die geen raad weet met zijn vrije tijd, kan daar wel menige uurtjes aan besteden.

Er was een groepje mensen die zich terugtrokken voor een spelletje klaverjassen. Nu, wij genoten heerlijk van de buitenlucht en de woeste golven op het IJsselmeer.

Zo voeren we om Hindeloopen op naar Stavoren. Daar begon de boot al lekker te schommelen, maar wij moesten weer de haven binnen.
Terwijl wij lagen te wachten om geschut te worden, voeren er dure zeilboten naar buiten; allemaal Duitsers aan boord. "Zo verdwijnt het zwarte geld uit Duitsland", werd er geopperd.

Opeens was onze voorzitter verdwenen. Zou hij achter de kudde schapen, die over de brug kwamen, aanzitten? Maar nee hoor, wij ontdekten hem bij de havenmeester boven in zijn hok. Hij bleek het restaurant gewaarschuwd te hebben, dat we onderweg waren; want een honger, dat je op het water krijgt!

Zo voeren we door de Warnservaart over de Morra, Fluessen, Heegermeer, via de Jeltesloot op naar de Langweerderwielen.

Om ± 3.30 uur zaten we heerlijk te smullen in het restaurant "'t Jagertje" te Langweer.

Verfrist en verzadigd en nog goed bij onze positieven, voeren wij terug via de Jeltesloot - Heegermeer - Grote Gaastmeer - Korte Vliet - Lange Vliet op naar Nijhuizum.

Maar, o wee .... we waren te laat, de brug was al een uur gesloten. Geen paniek", zei voorzitter Volbeda en met een kopduikeling belandde hij zachtjes in de berm. Na een praatje met de brugwachter (werd hij omgekocht?), werden we doorgelaten.

Onder het lied van "En voor de brugwachter nog eenmaal troelala", ging bij het zitten gaan, het schoolhoofd door zijn stoel. Die had niet zo'n pret meer, want zoals ik wel gehoord heb, bleek zijn rug bont en blauw te zijn. Dit was zijn derde stoel al, die bezweek deze zomer.

Het begon nu al donker te worden en de Parregaaster brug moest nog open. Gelukkig kwam er een ongeruste manlief, die riep: "Brugwachter open uw brug, want vrouwlief zit aan boord en moet mij vannacht naar Schiphol brengen".
Zowaar, dit gelukte en wij voeren zonder lichten in het donker op naar Tjerkwerd.
Ook de "dichtzet" bij de Haas moest naar beneden; dat probleem werd ook opgelost.
En zowaar, wat deed het ons een plezier: wij werden door onze dorpsomroeper binnengeluid. Wat een mensen op de kade om ons te verwelkomen!

Het was voor ons allen een geweldige dag en zo ook waren de weergoden ons goedgezind geweest.
Een opmerking: "Het kon nooit mooier!"

De secretaresse,

T.S.H.

£_£_£_£

NIJE YNWENNERS

Goeie,

Wy wenje mei syn fiven oan de Waltawei 47 en wy hoopje, dat wy hjir in protte wille hawwe meie.

Groetnis,

Jan en Agatha (Witteveen)

en trije kninen.

Inkelde meidielingen fan "EENSGEZINDHEID"

* Sneon 17 oktober hat "Eensgezindheid" wer meidien oan it muzykfestival yn 'e sporthal yn Makkum. Dit jierliks barren foldocht ús altyd tige skoan. Foar ússels en ek foar it publyk kaam it tige aardich oer.
Foldien en och sa tefreden, kinne we dan ek weromsjen op dit optreden.
Yn it bysûnder in wurd fan hulde oan ús twa jonge leerlingen: Tetsje de Jong en Carolien Hendriks; wat sy yn sa'n koart skoftke tiid presteard hawwe, is yn ien wurd geweldich!

* Mei de nije leerlingen giet it ek mar pûrbêst; dit ploegje bestiet no út:

Johan Gaastra; Foekje Bakker; Hilda Twijnstra;
Niek de Boer; Jeltsje Feenstra; Rieneke Speerstra.
Janneke Gietema;

Dit 7-tal kriget no alle tongersdeitemiddeis les fan Wybenga (fan 'e muzykskoalle) yn it Waltahûs.

Doch mar goed jim bêst, jonges, dan kenne jim skielk ek gau meiblaze by it "grutte" korps.

Binne der problemen, wolle de âlders fan dizze bern harren dan ferfoegje by Hendriks? Tel. 9577.

* Sneon 30 jan. 1982 (in datum om te notearjen!) hoopje we ús "Jubileum-útfiering" te hâlden.

De middeis wurde jo ferwachte by ús konsert, wylst we de jûns in optreden krije fan Rients Gratama.
De dûnsmuzyk wurdt fersoarge troch ús eigen "Vote's".

It folsleine program fan dizze útfiering wurdt jo fan te foaren noch thús besoarge.

It bestjoer bestiet no út: foars. Jelte Speerstra; sekr. Ineke Dykstra; penn. Akke de Haan; Sieb Hiemstra; Okke S. Postma.

Oant safier earst.

I.D.

BOARGERLIKE STAN:

De redaksje krige in kaartsje út Bûtenpost! Hylke Bergsma en Joke Bergsma-Reidsma krigen harren tredde famke: NYNKE. Dat wie op 6 sept.

Op 22 sept. krigen Auke en Jellie de Haan-Zeilstra fan 'e Tsjerkestrjitte ek in famke: JANNEKE MAAIKE.

Yde Bolta en Cilia Bolta-Zeinstra wiene tongersdei 22 oktober 25 jier troud en dus grut feest yn Boalsert.

Al dizze minsken: fan herte lokwinske!

.,.,.,.

Gesprek- en Doe-groep, Tjerkwerd-Dedgum.

Aan alle jongeren van 15 jaar en ouder,

Op initiatief van enkele jongeren in ons dorp, is het begin van een Gesprek- en Doe-groep reeds een feit.

Aangezien wij hiervoor nog enkele jongeren in de leeftijd van 15 tot ..... jaar kunnen gebruiken, zouden wij jullie willen uitnodigen om op vrijdag 6 november om 8 uur 's avonds in het Groene Kruisgebouw te komen.

Wanneer jullie komen, kunnen we samen gaan beslissen, wat er moet gaan gebeuren.

Het is beslist niet de opzet om grote discussies en dergelijke te houden, maar we zijn van plan wel wat meer te gaan doen en dat is alleen mogelijk, als jullie op 6 november allemaal komen.

Gesprek- en Doe-groep, Tjerkwerd-Dedgum,

Peter en Rob Hendriks, Anneke Goeman,
Jaap v. Lingen, Eelkje Velema, Rein,
Jaap en Geertje v.d. Wal.

Nijs fan Doarpsbelang:

- Der is no daliks net sa'n protte bard, mar neat skriuwe is ek sa keal.

  Fan 'e wike sille wy wer yn it spier mei de man fan 'e "ruilverkaveling" oer it projekt fan 'e lytse doarpen. Foel dit foarhinne ûnder de "Landinrichtingsdienst" út Ljouwert, no binne we oergien nei de "Stichting Sudergoa". Foar Jan Salverda is no Fred Rijkens yn it plak kaam.

- Minsken, no daliks de kalender derby en opskriuwe:

  Jierfergadering Doarpsbelang op 27 november. Freark Schakel rikt dan de prizen ek út fan 'e túnwedstriid.

UTNOEGING

De leden fan 'e feriening fan Doarpsbelang "Tsjerkwert e.o." wurde útnoege de jiergearkomste by te wenjen op freed 27 novimber, de jûns om 8 oere yn it Waltahûs.

WURKLIST:

1. Iepening
2. Ferslach skriuwster
3. ,, skathâldster
4. Meidielingen
5. Bestjoersferkiezing:
   1. ôftr. J. Dykstra
   2. vakature W.E. Bakker
6. SKOFT
7. Rûnfraach
8. Priisútrikking fan 'e túnwedstriid troch de hear F. Schakel
9. Sluting.

===========

- Op 5 novimber is der yn it Waltahûs:

"De Veilig Verkeer Kwis".

It is dan de bedoeling, dat der ferskate minsken út Tsjerkwert meidogge. Minsken, dy't dat graach wolle: belje efkes nei Janny Poelstra, tel. 9140. Håldt ús doarp heech en doch mei!

Mei freonlike groetnis,
it bestjoer.

'&'&'&'

"Flinterfyn flues fan wearde"

Op woansdei 7 oktober 1981 is der in dicht-bondel útjûn fan ús doarpsgenoate-ûnderwizeres-dichtster: Anny de Jong.
Dit feestlik barren waard yn Bûtenpost op it gemeentehûs hâlden.

Anny publisearre earder yn 'e Strikel en wurket mei oan de Skriuwerskalinder.

De bondel "Flinterfyn flues fan wearde" waard útjûn by it K.F.F.B. mei stipe fan de gemeente Achtkarspelen en de Fryske Bûnssparbanken.

In lokwinsk fan 'e redaksje is wol op syn plak en wy hoopje, dat in protte minsken dizze bondel oantuge sille.

In gedicht út de bondel:

OFSKIE

De wyn toarke blêden om my hinne.
"Sjoch wyn, do bringst wat wei,"
draafde ik him lûd roppend efternei.
Mar fansels koe ik him net berinne.

De rein sloech pearels op 'e grûn,
hja spatten witwêrhinne,
en ik mar rinne, rinne, rinne .....
"Kinsto derby dat ik gjin diggels fûn?"

De wjerljocht rûtste d' achtbaan op
en skreau myn namme oan it swurk.
Doe wist ik, 't wie gjin boarterij,
gjin willewurk,
't wie it ôfskie fan de lêste simmerdei.

=/=/=/=

Bijdragen binne kommen fan:

M. Huitema, Jousterperwei; D. v.d. Werf, Boalserterwei;
H. Speerstra, 't Hearrenfean; H. Kooyenga, Waltawei;
A. de Haan, Boalsert; J. Kroontje - A. Mekking, Singel.

++++++

Snypsnaren:

- de kollekte foar de Nierstichting hat yn ús doarp f. 203,40 opbrocht
- der stiet in nije glêskontainer by Sytske de Jong foar de glêzen en nou is it de bedoeling dat Jo der lege flessen yn dogge
- Sam Schukken, de houn fan Ids en Joke, kaam okkerdeis mei in koekepanne bij Hoekstra fan't hiem en fleach nei Binke B. ta, dy't siet te fiskjen. Wy witte net of't Binke ek in fisk yn de panne dien hat en of't dy fisk ek foar Sam klearmakke is, mar Hoekstra is syn panne wol kwyt.
- Baukje fan Hein en Akke scoort wer
- it hûs fan Wieger en Baukje is "zandstraald" troch mannen yn "ruimtepakken". Wie dit folk fan de moanne ?
- Lutske Schakel slagge foar Frysk L.O.
- tinke Jo om de Feilich Ferkears Kwis ? Dat is no krekt wat foar Jo !!!! 5 novimber- Waltahûs !
- ús âld-doarpsgenoat Hylke Speerstra hat wer in boek skreaun : De blikken brulloft.
- wurde Jo Skieppesturt fan it jier '81 ? Ofpraat !
- ús doarpsomropper/journalist/bôllebesoarger giet yn jannewaris yn 'e VUT.
- kopy foar it lêste nûmer fan dit jier foar 15 decimber ynleverje. beslist net letter !!!!
- op 1 jannewaris wurdt om ± 22.00 oere de Skieppesturt '81 bekend makke op it Nijjiersbal !!!!!!!

3



3